

TIT TITUS Fryske Bibeloersetting

Fryske Bibeloersetting, Titus; FvE en LW versie juni 2024

220911 Import in Paratext van FBO\_Titus-c1-3\_F7\_def door BP

Deze tekstversie is bestemd voor intern gebruik binnen het project FBO

It brief oan Titus

\b

1

1Fan Paulus, in tsjinner fan God, en tagelyk in boade fan Jezus Kristus foar minsken dy't God útkeazen hat omdat se leauwe en de wierheid kenne. Dy wierheid jout oprjochtens, 2fanwegen de hope op in ivich libben, dat God, dy't net leagenet, al iuwen lyn foarsein hat. 3Mar op syn eigen tiid makke er syn wurd iepenbier, en dat boadskip is my tabetroud yn opdracht fan God ús Rêder. 4Oan Titus, dy't wier myn soan is, neffens it leauwe dat wy diele. Genede en frede fan God ús Heit, en fan Jezus Kristus ús Rêder.

5Hjirom haw ik dy op Kreta efterlitten, datsto regelest wat noch nedich is en yn elke stêd âldsten oanstelst, lykas ik dy sels opdroegen haw: 6guon dêr't neat op te sizzen is, allegearre ien kear troud en net faker, mei bern dy't ek leauwe en dy't net beskuldige wurde kinne fan ûnferantwurdlike dingen, en net dôfhûdich. 7Ommers, in biskop, as behearder út namme fan God, moat neat op te sizzen wêze. Hy moat net eigenwiis wêze, net koart foar de kop, gjin wynsûper, net gewelddiedich en net ien dy't op winst út is oer de rêch fan in oar. 8Nee, hy moat gastfrij wêze, it goede mei de lju foar hawwe, mei it ferstân foarop, earlik en geef, hy moat himsels yn 'e hân hawwe 9en hy moat fêsthâlde oan it betroubere boadskip sa't it him leard is, dat er bemoedigje kin mei sûne rjochtlinen, mar ek de tsjinpraters terjochte wize.

10Want dy binne almeast dôfhûdich. Swetsers binne it, dy't dy fergûchelje, benammen ûnder de Joaden. 11Sokke lju moat de mûle stoppe wurde: hiele húshâldingen ferniele se, mei dingen te learen dy't ferkeard binne, om der sels better fan te wurden. 12Ien fan har, in profeet fan it eilân sels, hat sein: Dy fan Kreta binne ligers, altiten, minne bisten, fette fretters.

13Dêr kin men mar op oan! Dêrom moatst har strang oanpakke, dat se geef wurde yn it leauwe, 14sûnder te harkjen nei Joadske ferhalen en foarskriften fan minsken dy't har fan 'e wierheid ôfkeare. 15Alles is suver foar minsken dy't suver binne. Mar foar har dy't besmodze en ûnleauwich binne is neat suver – nee, har tinken en ek har gewisse binne besmodze. 16Hja ferklearje dat se God kenne, mar har dieden sizze wat oars. It binne ferskriklike minsken, oerhearrich en net te brûken foar ien goed ding.

2.

1Mar do, do moatst sizze wat oanslút by de sûne rjochtlinen. 2Lis út dat âldere manlju nochteren wêze moatte, respekt oproppe, mei it ferstân foarop, geef yn leauwe, leafde en folhâlden. 3Dat jildt ek foar de âldere froulju. Hja moatte yn har hâlden en dragen wijdens útstrielje, gjin stokelers wêze, gjin slaven fan in protte wyn, mar skoandere foarbylden, 4dat der wat fan har útgiet. De jonge froulju moatte wiis mei har manlju wêze, wiis mei har bern, 5mei it ferstân foarop, earber, thús har wurk dwaan en freonlik wêze, oan har eigen man ûnderhearrich. Dan komt it wurd fan God net op in kweanamme te lizzen. 6Dat jildt ek foar de jongere manlju: dy moatst oantrune om harsels yn 'e hân te hâlden.

7Dêrby moatst op alle mêd dysels as foarbyld sjen litte fan goede dieden. Dyn ûnderrjocht moatte se op oan kinne en by opsjen, 8mei wurden dy't doge en sûnder dat der krytyk op mooglik is. Dan sil de tsjinstanner beskamme weikomme omdat er gjin ferkeard wurd oer ús sizze kin. 9Slaven moatte yn alles har masters ûnderhearrich wêze en it har nei it sin meitsje, sûnder tsjin te praten, 10sûnder te stellen. Nee, se moatte just in folsleine betrouberens sjen litte. Dan meitsje se oer alle boegen de rjochtlinen fan God ús Rêder oantreklik.

11Want de genede fan God is iepenbier wurden ta rêding fan alle minsken, 12en dêrom leart dy ús, as wy de goddeleazens en de dingen dêr't de wrâld hjit op is ôfwize, om yn dizze tiid wiis, earlik en oprjocht te libjen, 13langhalzjend nei ús hearlike hope, de ferskinging fan ús grutte God

en Rêder Jezus Kristus as kening. 14Hy hat himsels foar ús oerjûn om ús frij te keapjen fan alle wetteleazens en om ús út te suverjen ta syn eigen bysûnder folk, warber om it goede te dwaan. 15Dat moatst allegearre sizze, en de minsken sa oantrune en teplak sette, mei folsein gesach. Net ien mei dy lytsachtsje.

3

1Moatst har hieltyd wer yn it sin bringe dat se har ûnder oerheden deljaan moatte, ûnder machthawwers, dat se om sizzen jaan moatte, ree om elke goede died te dwaan. 2Se moatte net ien swart meitsje, net op strideraasje út wêze, tajaan, en op dy wize folleine sêftmoedigens sjen litte foar alle minsken oer. 3Der hat ommers ek in tiid west dat wy fan neat wisten, dôfhûdich wiene, it paad bjuster, ferslave oan alderlei begearte en geniet. Wy libben derhinne yn kwea en ôfgeunst, haatlik, mei in hekel oan elkoar. 4Mar doe waard de goedens fan God ús Rêder en syn leafde foar minsken iepenbier, 5net om ús dieden, rjochtfearde dingen dy't wý dien hawwe soene, mar neffens sýn barmhertigens: hy hat ús rêden troch ús te waskjen. Sa binne wy op 'en nij wer berne en nije minsken wurden troch in hillige geast, 6dy't er ryklik op ús útstoart hat troch Jezus Kristus ús Rêder. 7Sa binne wy rjochtfearde makke troch syn genede en erfgenamten wurden fan it ivige libben dêr't wy op hoopje. 8Sa sit it! En dy dingen wol ik datsto goed de klam op leist, dat deselden dy't oan God leauwe oan 'e gong geane mei goede dieden. Dat is de muoite wurdich en dêr binne de minsken tige mei holpen!

9Unnoazel bargebiten en stamlisten en ferdielens en striid oer de wet moatst ûntrinne. Net ien hat der wat oan en it giet oer neat. 10In skuormakker moatsto, nei ien en twa rabbeleminten, de omgong mei ferbrekke, 11want do witst dat sa'nien allinnich mar de ferkearde kant út wol en himsels troch syn misse setten feroardielet.

12Wannear't ik Artemas nei dy tastjoerd haw of Tuchikos, kom dan sa gau mooglik by my yn Nikopolis, want ik bin fan doel om dêr de winter oer te bliuwen. 13Soargje der goed foar dat Zenon de wetgelearde en Apollos fierder kinne, dat it har oan neat ûntbrekt. 14Us minsken moatte ek leare om oan 'e gong mei goede dingen dêr't dat wier nedich is, dat se net sûnder frucht binne. 15Elkenien hjir by my groetet dy. Groetsje ús freonen yn it leauwe. De genede mei jimme allegearre!